

FR

BEVAT OOK
HANDLEIDING
IN NEDERLANDS

HANTLIEDING



by staveringsline
WURKBOEK 1

Kolofon

Kreatyf Skriuwen en Staveringsline

Auteurs

Tjitske van Dijk
Gelske Bosch
Jan Douwes
Skelte Anema
Doutsen Jellema

Foarmjouwing

Studio Tink

Korreksje

Ytsje Steen

Mei tank oan

De pilotgroep en it learkrêftepanel

Yllustraasjes

iStock

© 2025 Afûk, Postbus 53, 8900 AB Ljouwert

www.afuk.frl

Audio en oar materiaal op: www.staveringsline.frl



Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, yn in automatisearre bestân opslein of yn hokker foarm of op hokker wize dan ek iepenbier makke wurde, itsij elektroanysk, meganysk of op hokker oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer. Tekst- en datamining fan (parten fan) dizze útjefte is útdruklik net tastien.

All rights are reserved, including those for text and data mining, AI training and similar technologies.

Alle rechten voorbehouden. Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd bestand, of openbaar gemaakt in enige vorm of op enige wijze, hetzij elektronisch, mechanisch of enige andere manier, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de uitgever. Tekst- en datamining van (delen van) deze uitgave is uitdrukkelijk niet toegestaan.

Ynhâldsopjefte Staveringsline

Algemeine hantlieding en ferantwurdig 4

Hantlieding Frysk

• Les 1 f	6
• Les 2 s	8
• Les 3 g	10
• Les 4 ch	13
• Les 5 ú en u	15
• Les 6 û en oe	18

Algemene handleiding en verantwoording 21

Handleiding Nederlands

• Les 1 f	23
• Les 2 s	25
• Les 3 g	27
• Les 4 ch	30
• Les 5 ú en u	32
• Les 6 û en oe	35

Algemiene hantlieding en ferantwurdig

Fyzje

It oanlearen fan staveringsregels is net in doel op himsels. Goed staverje kinne is ien fan de feardichheden dy't helpe kinne by it skriuwen fan (goede) teksten. De staveringsregels kenne, stiet net gelyk oan in goede tekst skriuwe kinne. It úteinlike doel is om kwalitatyf goede Fryske teksten skriuwe te kinnen. Dêrom is der keazen foar in boekje mei oan de iene kant Skriuwlessen (it doel) en oan de oare kant de Staveringslessen (de teory, de feardichheid).

Opbou

De skriuwlessen binne opboud neffens in stappeplan. Dat stappeplan jout hâldfêst om ta it úteinlike produkt te kommen. Stap ien bestiet út it sammeljen en opskriuwen fan de gedachten. Yn stap twa wurdt in kar makke út alles wat opskreaun is by de earste stap en yn de tredde stap wurdt it úteinlike produkt makke. De staveringslessen binne ek neffens in fêst stramyn opboud. De les begjint mei in doel en it oanbieden fan de regels dy't fan tapassing binne. Dêrnei jout de learkrêft in yntroduksje. Yn de yntroduksje wurdt oan de hân fan foarbyldwurden en sinnen tawurke nei it skriuwen fan in kapstokwurd: in wurd dat de regel represintearret. It kapstokwurd helpt de learling de regel better te ûnthâlden en ta passen.

De yntroduksje is opboud neffens it fiif-stappenplan:

1. Ik harkje nei it wurd en sis it wurd nei.
2. Ik diel it wurd op yn klanken of wurdlidden.
3. Hear ik wat bysûnders? Hokker ôfspraak heart dêr by?
4. Ik skriuw it wurd.
5. Ik kontrolearje it wurd. Ha ik it goed skreaun?

Nei de yntroduksje folget in startdiktee mei wurden dy't by de regels hearre. De neikommende opdracht (opdracht 1) is in Fryske tekst, bygelyks in ferske, gedicht of kranteberjocht. Opdracht 2 is in sykplaat. By opdracht 3 sykje learlingen sels wurden op yn boeken of tydskriften. As der gjin fysike teksten beskikber binne, kin de online ferzje fan Tsjil Magazine brûkt wurde. Dy is fergees beskikber fia: cedinonderwijs.nl/tsjil. De lêste opdracht is in ferdjipjende opdracht dy't de learlingen útdaget om nochris mei de regel(s) fan dy les oan it wurk te gean.

Ynset

De skriuwlessen en staveringslessen hawwe mienskiplik dat yn 'e titel fan de skriuwlessen deselde letters foarkomme as yn de staveringslessen behannele wurde. Hoe't de lessen ynset wurde is oan de learkrêft sels. It is mooglik om earst in staveringsles te meitsjen en dan de bypassende skriuwles, mar it kin fansels ek oarsom. It is ek mooglik om nei oanlieding fan skreaune produkten te sjen yn hokker kategory de learlingen noch in soad flaters meitsje en op basis dêrfan de staveringslessen oan te bieden.

Terminology

Yn it boekje komt sa no en dan terminology foar dy't faaks wat útlis nedich hat.

- **wurdliid** – NL: lettergreep
- **tiidwurden** – NL: werkwoorden
- **brekking** – in klankferskowing yn in wurd
- **stimleas** – stimbannen trilje net by de útspraak
- **stimhawwend** – stimbannen trilje wol by de útspraak
- **lûd** – NL: klinker
- **klank** – klank
- **twalûd** – twa lûden dy'tst yn ien azem útsprekst
- **bylûd** – NL: medeklinker
- **kapke** – it dakje op de â, ê, ô of û.

Yn de yntroduksje wurdt ûnderskied makke tusken klanken en skreaune letters of wurden. As it oer klanken giet, dan binne se oanjûn mei read en steane se tusken twa streekjes. Bygelyks: "do hearst dan /f/." As it om skreaune letters of wurden giet, steane se tusken skrapkes. Bygelyks: "dat skriuwst sa: 'skoalle'."

Regels, fonetyk en ekstra

Bij alle staveringslessen steane kaders. Yn sa'n kader steane as earste in fonetyske werjefte, in beskriuwing fan de lûden, in foarbyld fan it lûd yn it Frysk en in foarbyld fan it lûd yn it Nederlânsk of in oare taal. As twadde steane der noch ekstra regels en ynformaasje foar de learkrêft. Dizze ynformaasje kin ynset wurde om bepaalde saken te ferdúdlikjen en as ferdjipping foar de learlingen dy't dêr om freegje.

Audio

By it diktee en guon opdrachten is audio beskikber. Dat wurdt oanjûn mei in ikoantsje.

De audiofragmenten binne online te finen, op staveringsline.frl.

Of brûk dizze QR-koade:



Les 1 • f

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk de letter f skriuwe moatte.

Regels:

- In Frysk wurdt begjint noait mei in v, mar altyd mei in f.
(kapstokwurd: fisk)
- In Frysk wurdt hat oan 'e ein noait in v, mar altyd in f.
(kapstokwurd: juf)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean.
Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
f	'hurde' f (stimleas)	flinter	fiets
v	'sachte' v (stimhawwend)	drape	vlinder

Yn it midden fan in wurdt kin wol in 'v' foarkomme. Om te witten hoe'tst it skriuwst, moastst goed nei de útspraak harkje. By it útsprekken fan de 'v' trilje de stimbannen, by de 'f' net.

Yntroduksje:

Yntrodusearje de regels fan dizze les.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Fenna hat foer foar de fisk kocht."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /f/ lûd hawwe. Yn it Nederlânsk is it soms dreech om te witten wannear'tst in 'f' of in 'v' skriuwst. Yn it Frysk is dat hiel maklik. Oan it begjin en oan 'e ein skriuwst altyd in 'f'.

Skriuw op it boerd it wurd 'foer' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'fisk' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'fisk' opskriuwe yn it wurkboek.

Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Juf jout les oan groep fiif."

Freegje de learlingen oft sy wurden hearre mei in /f/ oan 'e ein en hokker wurden dat binne. Nim it wurd 'fiif' as foarbyld en lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje de learlingen hokker lûden sy allegear hearre yn it wurd 'fiif'.

Sprek no it wurd 'juf' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'juf' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Dat is in moaie **flinter**.
(skriuw op: flinter)
2. It **famke** hat blond hier.
(skriuw op: famke)
3. Hy is **faak** siik.
(skriuw op: faak)
4. Ik **graaf** in gat yn 'e tún.
(skriuw op: graaf)
5. Nynke skriuwt in lange **brief**.
(skriuw op: brief)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lit de tekst hearre fia it audiofragmint op de webside of lêse de tekst foar. Lit de learlingen meilêze. De learlingen hoege noch neat yn te foljen. Lit it fragmint in twadde kear hearre mei de opdracht om de wurden yn te foljen. As it te hurd giet, kinst derfoar kieze om it fragmint nochris ôf te spyljen of nochris foar te lêzen.

Besprek de antwurden klassikaal.

De measte learlingen sille noch net krekt witte hoe't sy 'fûgels' skriuwe moatte. Hâld yn it each dat it yn dizze les yn it foarste plak giet om it skriuwen fan de 'f'. It is fan belang om te beneamen dat it net slim is om oare flaters te meitsjen.

► Antwurden

In **faas** mei fioeltsjes,
in **fisk** yn 'e feart.
In fleurige **flagge**,
mei wyt, blau en read.
De **fûgels** dy't fleane,
de sinne derby.
Ik **fiel** my yn Fryslân
as in **fûgel** sa frij.

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn 'e sykplaat nei wurden mei 'f'. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. famke
2. flier
3. frou
4. flinter
5. foet

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

Elke emoticon stiet foar in letter. De learlingen moatte de fiif wurden ûntsiferje. De antwurden skriuwe se yn it wurkboek. Besykje de learlingen te stimulearjen om sels ek wurden mei in 'f' te meitsjen. Freegje de learlingen oft se de betsjutting fan de wurden ek kenne.

► Antwurden

1. famylje
2. finger
3. fjoer
4. fuotbal
5. fôle

Les 2 • s

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk de letter s skriuwe moatte.

Regels:

- In Frysk wurdt begjint noait mei in z, mar altyd mei in s.
(kapstokwurd: swan)
- In Frysk wurdt hat oan de ein noait in z, mar altyd in s.
(kapstokwurd: faas)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean.
Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regels dy't dêrby hearre.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
s	s (stimleas)	smots	saai
z	z (stimhawwend)	wêze	zijn

Yn it midden fan in wurd kin wol in 'z' foarkomme. Om te witten hoe'tst it skriuwst, moatst goed nei de útspraak harkje. By it útsprekken fan de 'z' trilje de stimbannen, by de 's' net.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Ik sjoch in swan."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /s/ lûd hawwe. Yn it Nederlânsk is it soms dreech om te witten wannear'tst in 's' of in 'z' skriuwst. Yn it Frysk is dat hiel maklik. Oan it begjin en oan 'e ein skriuwst altyd in 's'.

Skriuw op it boerd it wurd 'sjoch' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'swan' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'swan' opskriuwe yn it wurkboek.

Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Der sit in mûs efter de faas mei blommen."

Freegje de learlingen oft sy wurden hearre mei in /s/ oan 'e ein en hokker wurden dat binne. Nim it wurd 'mûs' as foarbyld en lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje de learlingen hokker lûden se allegear hearre yn it wurd 'mûs'.

Sprek no it wurd 'faas' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'faas' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. De **sinne** lit him sjen.
(skriuw op: sinne)
2. Dat is myn **suster**.
(skriuw op: suster)
3. Dat jonkje is **seis** jier.
(skriuw op: seis)
(*de learlingen omsirkelje hjir beide regels)
4. Ik **blaas** op myn trompet.
(skriuw op: blaas)
5. De tango is in moaie **dûns**.
(skriuw op: dûns)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lit earst it ferske in kear hearre en lit de learlingen meilêze. De learlingen hoege noch neat yn te foljen. Lit it ferske in twadde kear hearre mei de opdracht om de wurden yn te foljen. As it te hurd giet, kin de learkrêft derfoar kieze om it nochris ôf te spyljen.

Besprek de antwurden klassikaal. Der sitte in pear wurden by dy't bêst dreech binne. Begelied de learlingen dêr goed by.

It folsleine ferske is ek te beharkjen op de webside.

► Antwurden

1. thús
2. sneuper
3. fiis
4. (jiske)sek
5. skerpe
6. seare
7. snút
8. noas

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat nei wurden mei in 's'. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. sebra
2. seis
3. stien
4. gers
5. foks

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen harkje (of lêze sels) nei de tekst 'lêze mei de fingers'. Dêrnei meitsje se de opdracht. Elk read rûntsje stiet foar in bobbeltsje. Daagje de learlingen út om sels ek in wurd te meitsjen. Dêr kinne se sels de bobbeltsjes kleurje.

► Antwurden

1. skiep
2. skoalle
3. swimme
4. eigen antwurd

Les 3 • g

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk de letter **g** skriuwe moatte.

Regels:

- In Frysk wurdt begjint noait mei **ch**, mar altyd mei in **g**.
(kapstokwurd: **geit**)
- In wurdlied (lettergreep) begjint mei in **g**.
(kapstokwurd: **fûgel**)
- Yn in tiidwurd (werkwoord) skriuwst foar -je altyd in **g**.
(kapstokwurd: **weagje**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regels dy't dêrby hearre.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De grize **geit** is hiel **grut**."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't mei in **/g/** begjinne.

Skriuw op it boerd it wurd 'grut' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Fertel dat de 'g' oan it begjin fan in wurd yn it Frysk oars útsprutsen wurdt as Nederlânske wurden mei de 'g'. Freegje de learlingen oft sy it ferskil hearre tusken de **/g/** fan 'grut' en de **/ɣ/** fan 'groot'. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'geit' dúdlik út. De learlingen

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
g	de Frânske g	goed	good (Ingelsk)
ɣ	de hurde g	drage	groen

- Der binne in pear wurden dy't wol in wurdlied hawwe dat mei 'ch' begjint: bygelyks 'kachel' en 'gûchelje'. Dêrby moatst goed harkje nei de útspraak: de stimbannen trilje by de útspraak fan de 'ch'. Tip: Yn it Nederlânsk skriuwst dy wurden ek mei 'ch'.
- Foar in -d, -m en -n skriuwst in 'g': 'deugd', 'dogma', 'prognose'.

sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'geit' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De **fûgel** siet yn in hege **beam**."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre mei in **/ɣ/**.

Skriuw op it boerd it wurd 'hege' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje de learlingen oft sy witte om hokker 'g' it no giet. Hearre se de **/ɣ/** fan it Nederlânske wurd 'groot' of de **/g/** fan it Fryske wurd 'grut'?

Sprek no it wurd 'fûgel' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'fûgel' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Ik freegje de grienteman om myn appels te weagjen."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre mei in /ɣ/.

Skriuw op it boerd it wurd 'freegje' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Freegje de learlingen oft sy witte om hokker 'g' it no giet. Hearre se de /ɣ/ fan it Nederlânske wurd 'groot' of de /g/ fan it Fryske wurd 'grut'?

Lis de learlingen út wat it tiidwurd is neffens de terminology dy't se mei it Nederlânsk leard hawwe (bygelyks 'doewoord' of 'werkwoord'). Jou oan dat 'freegje' in tiidwurd is en datst de /ɣ/ foar -je hearst.

Sprek no it wurd 'weagje' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'weagje' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Hy woe in gat **grave**.
(skriuw op: grave)
2. Dat binne **lege** batterijen.
(skriuw op: lege)
3. Do moatst net sa **bargje**.
(skriuw op: bargje)
*jou de Nederlânske oersetting
(Jij moet niet zo knoeien.)
4. In kikkert is **grien**.
(skriuw op: grien)
5. Hawwe jimme noch **fragen?**
(skriuw op: fragen)
6. Ik wol dy wat **freegje**.
(skriuw op: freegje)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lit earst it gedicht in kear hearre en lit de learlingen meilêze. De learlingen hoege noch neat yn te foljen. Lit it gedicht in twadde kear hearre mei de opdracht om de wurden yn te foljen. As it te hurd giet, kin de learkrêft derfoar kieze om it nochris ôf te spyljen. It lûdsfragmint is te finen op de webside.

Besprek de antwurden klassikaal. Der sitte in pear wurden by dy't bêst dreech binne. Begelied de learlingen dêr goed by.

► Antwurden

Greide

De moarntiid is **grau** en **griis**,
in tekken fan dize leit oer it lân,
de sinne stiet op út syn sliep,
lûkt de tekken fan it **gers**,
En makket in skilderij mei **grien** en **gjel**.

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat nei wurden mei in 'g'. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. freegje
2. geit
3. seagje
4. bargaen
5. grave

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

Dizze opdracht kinst klassikaal dwaan. Lês mei-inoar yn it wurkboek de tekst 'De wrâld troch in oare bril, hoe't Himba kleuren sjogge'. Kinst de tekst ek beharkje fia it audiobestân op de webside. Besprek mei de learlingen it plaatsje dat yn it wurkboek stiet. Besykje nei te gean oft de learlingen snappe wat dêr stiet. Lit se dêrnei it skema ynfolje yn it wurkboek. As de learlingen dat ynfolle hawwe, beneam dan noch efkes dat de 'g' oan it begjin fan de wurden 'grien', 'griis' en 'giel' útsprutsen wurdt as /g/.

► Antwurden

Nêderlânsk	Frysk	Himba
blauw	blau	burou
groen	grien	burou
grijs	griis	vapa
geel	giel	dumbu
oranje	oranje	serandu
rood	read	serandu
paars	pears	zoozu / serandu
roze	rôs	serandu

Les 4 • ch

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk **ch** skriuwe moatte.

Regels:

- In Frysk wurdt hat oan 'e ein nooit in **g**, mar altyd **ch**.
(kapstokwurd: **baarch**)
- Foar de -t skriuwt nooit in **g**, mar altyd **ch**.
(kapstokwurd: **acht**)
- Yn in ferlytsingswurd skriuwt foar -je altyd **ch**.
(kapstokwurd: **flachjes**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
x	g	baarch	echo

- Foar de -s skriuwt altyd 'ch'
- Foar wurden dy't einige op -ber skriuwt altyd 'ch'
- De 'ch' fan 'barchje' is in bytsje hurder (en efter yn de kiel) as de 'g' fan bargje (foar yn de kiel).

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regels dy't dêrby hearre.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De **baarch** hat in mich yn it **each**."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't op /x/ einige.

Skriuw op it boerd it wurd 'mich' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje oft se witte hokker regel by dat wurd heart.

Sprek no it wurd 'baarch' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'baarch' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Wat is it gewicht fan de acht fruchten?"

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden

mei in /x/ hearre.

Skriuw op it boerd it wurd 'gewicht' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje oft se witte hokker regel by dat wurd heart.

Sprek no it wurd 'acht' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'acht' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Se hienen **flachjes** ophongen foar it lytse **barchje** mei de lytse **eachjes**."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden mei in /x/ hearre.

Skriuw op it boerd it wurd 'barchje' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje oft se witte om hokker regel it

giet en meitsje de keppeling tusken it wurd en de regel. Jou oan dat it Frysk ek it wurd 'bargje' hat. Bargje betsjut 'knoeien'. Dat wurd skriuwt mei in 'g' omdat it dan om in tiidwurd giet.

Sprek no it wurd 'flachjes' dúdlik út. De learlingen

sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se?

Lit de learlingen no it wurd 'flachjes' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuwt it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek.

1. It is lestich om sa'n **berch** te beklommen
(skriuwt op: berch)
2. Dat is fierstente **heech**.
(skriuwt op: heech)
3. Wolsto it **ljocht** efkes útdwaan?
(skriuwt op: ljocht)
4. Dochsto dan de doar **ticht**?
(skriuwt op: ticht)
5. Moatst ferskillende **laachjes** oandwaan, oars krijst it kâld.
(skriuwt op: laachjes)
6. Op it **brechje** stiet in frou te swaaien.
(skriuwt op: brechje)

Opdracht 1:

Lês it gedicht foar of lit it audiofragmint hearre dat op de webside stiet. Lit it fragmint twa kear hearre. Sis tsjin de learlingen dat se de earste kear noch neat opskriuwe, mar allinnich harkje nei it fragmint. Lit se de twadde kear de wurden opskriuwe. Set it fragment stil as it te hurd giet of lit it noch in tredde of fjirde kear hearre.

In **baarch** dy hat it simmers **dreech**,
it waar is **drûch**, it wetter **leech**.
De **rêch** en poaten **prachtich** skjin,
it is de **baarch** mar min nei 't sin.
De **drûchte** is syn grutste **soarch**,
hy hat it leaver wiet en **smoarch**.

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat nei wurden mei 'ch'. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. spjocht
2. mich
3. each
4. berch
5. stopljocht

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op **frysker.nl**.

Opdracht 4:

Sjoch mei de learlingen nei it skema mei de sifers en letters. Begripe se wat der bedoeld wurdt? Lit de learlingen yn twatallen sykje nei it antwurd. Nim nei de tiid noch in kear de wurden mei 'ch' mei de learlingen troch. Freegje ek oft sy witte wêrom't soargje mei in 'g' skreaun wurdt (soargje is in tiidwurd en yn in tiidwurd skriuwe we foar -je in 'g'). It sil guon learlingen opfalle dat der letters misse yn it alfabet. Besprek mei de learlingen hokker letters dat binne. Lis út dat de bylûden yn de kombinaasje **/ks/** yn it Frysk skreaun wurde as 'ks' en yn it Nederlânsk meastal as 'x' (bygelyks NL: extra en Frysk: ekstra). Itselde is it gefal mei de 'q'. Dêr't yn it Nederlânsk meastal 'q(u)' skreaun wurdt, is dat yn it Frysk 'kw' (bygelyks: NL: quiz en Frysk: kwis).

► Antwurden

In fraach fan in baarch: hoe soargje ik foar in fetlaach?

Watfoar letters hat it Fryske alfabet net en it Nederlânske wol?

q en x

Les 5 • ú en u

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk ú of u skriuwe moatte.

Regels:

- Skriuwst in ú yn in sletten wurdlied. (kapstokwurd: tútsje)
- Skriuwst in u yn in iepen wurdlied (lettergreep). (kapstokwurd: druven)
- Skriuwst oan 'e ein fan in wurd in u. (kapstokwurd: paraplu)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regels dy't dêrby hearre.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
ü	koarte 'uu'	snút of snuten	minuut
ü:	lange 'uu'	drúf of druven	centrifuge

- De lingte fan it 'uu'-lûd kin ferskillend wêze. Yn bygelyks 'tún' is it in koart lûd en yn 'drúf' is it in lang(er) lûd. Dat jildt ek foar it 'uu'-lûd yn in iepen wurdlied. It 'uu'-lûd yn 'luzen' is langer as it 'uu'-lûd yn 'tuten'.
- Der is ek in twalûd /ü.ə/, dat komt letter yn de metoade (boekje 2, les 4) foarby.
- Der binne net in soad wurden te betinken dy't einigje op 'u'. 'Akku', 'paraplu' en 'menu' binne de wurden dy't noch it meast foarkomme sille.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Ik jou dy in drúf en dan krij ik fan dy in tút."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dêr't in /ü/ yn sit.

Skriuw op it boerd it wurd 'drúf' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje de learlingen oft sy it ferskil hearre tusken de /ü/ fan 'tút' en de /ü:/ fan 'drúf' (de /ü/ fan 'tút' is koarter as dy fan 'drúf').

Sprek no it wurd 'tút' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'tút' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:

"By ús mem thús lizze druven en nuten foar de ruten."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dêr't in /ü/ yn sit.

Skriuw op it boerd it wurd 'ruten' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Lis út dat de 'u' fan 'ruten' yn in iepen wurdlied (lettergreep) sit. Lis de keppeling mei wat se leard hawwe by Nederlânske stavering oer iepen en sletten wurdliiden. As de learlingen dat noch net begripe, besteegje dêr dan wat ekstra oandacht oan.

Sprek no it wurd 'druven' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'druven' opskriuwe yn it wurkboek.

Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Jan stie yn syn tenu ûnder de paraplu."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't op in /ü/ einigje.

Skriuw op it boerd it wurd 'tenu' as foarbyld en

sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'paraplu' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'paraplu' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Yn harren **tún** groeit in kastanjebeam.
(skriuw op: tún)
2. Wat stiet der hjoed op it **menu**.
(skriuw op: menu)
3. Dit is in **drúf** sûnder pitten.
(skriuw op: drúf)
4. By Froukje yn 'e klasse sitte bern mei **luzen**.
(skriuw op: luzen)
5. Wa hâldt der no net fan **muzyk**?
(skriuw op: muzyk)

Opdracht 1:

Lês it gedicht foar of lit it audiofragmint hearre dat op de webside stiet. Lit it fragmint twa kear hearre. Sis tsjin de learlingen dat se de earste kear noch neat opskriuwe, mar allinnich harkje nei it fragmint. Lit se de twadde kear de wurden opskriuwe. Jou de betsjutting fan de wurden. As se dat dien hawwe, skriuwe se it meartal fan de wurden op. Jou oan dat se de wurden yn wurdliiden opdiele moatte om derefter te kommen oft se it mei in 'u' of in 'ú' skriuwe.

► Antwurden

	iental	meartal	Nederlânsk
1	rút	ruten	raam
2	tún	tunen	tuin
3	snút	snuten	snuut
4	krún	krunen	kruin (bovenste deel v/h hoofd)
5	krús	krusen	kruis

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje fiif wurden dy't mei in 'ú' of 'u' skreaun wurde. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. súd
2. nút
3. muzyk
4. dunen
5. strúsfûgel

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl. De learlingen hoege gjin wurden te sykjen mei in 'u' oan 'e ein. Dêr sille net genôch fan te finen wêze.

Opdracht 4:

Harkje nei it resept fia it audiofragmint op de webside of lês it foar. It folsleine resept is te finen op de folgjende side.

Fryske dúmkjes binne tradisjonele koekjes mei in nuer foarmke en in uterst lekkere smaak.
Se wurde makke mei brune sûker, huning en nuten. Hjir is it resept!

∴

Fryske Dúmkjes



Wat hast nedich?



250 gram blom
125 gram brune sûker
125 gram bûter
1 aai
1 teeleppel bakpoeier

1 teeleppel anys
100 gram hakte nuten
(bygelyks amandels of hazzenuten)
2 ytleppels huning
In bytsje sâlt



Hoe makkest it?


1. Doch de brune sûker, bûter en huning yn in kom en rier it goed trochinoar.
2. Foegje it aai ta en ming it yn it mingsel.
3. Foegje no it blom en de bakpoeier ta en doch ek it anys en in bytsje sâlt derby.
4. Ming alles goed en set it daai sa'n healoare yn 'e kuolkast.
5. Ferwaarmje de oven foar op 175 graden.
6. Rôlje lytse stientsjes fan it daai (ûngefear 2,5 oant 5 sintimeter) en druk se plat mei de tomme.
7. Bak de dúmkjes yn 15 oant 20 minuten goudbrún.



.....

∴

Lit se ôfkuolje en jou dysels in tútsje as it goed slagge is!



In lytse tip: yn juny en july is it ekstra noflik om se bûten yn 'e tún te iten mei in kopke tee. Dat is absolút genietsje!

Lekker ite!

Les 6 • û en oe

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk û of oe skriuwe moatte.

Regels:

- Skriuwst in **û** as it Nederlânske wurd **gjin** oe hat.
(kapstokwurd: **hûn**)
- Skriuwst in **oe** as it Nederlânske wurd oe hat.
(kapstokwurd: **boek**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regels dy't dêrby hearre.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
u	koarte oe	hûn of boek	boek
u:	lange oe	sûge of skoech	rouge

- Nei in 'û' wurde de bylûden (medeklinkers) noait ferdûbele.
- It Frysk hat ek it twâlûd /u.ə/ (fan 'boer'), dat komt letter yn de metoade (boekje 3, les 3) foarby.
- Tiidwurden yn de doetiid krije yn de measte gefallen 'oe'. Bygelyks: 'ik joech' of 'ik sloech', dat binne dus útsûnderingen op de regels.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De hûn en de mûs rûnen tegearre troch it hûs."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre mei in **u** of in **u:**

Skriuw op it boerd it wurd 'mûs' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje de learlingen oft sy it ferskil hearre tusken de **u** fan 'hûn' en de **u:** fan 'hûs' (de **u** fan 'hûn' is koarter as de **u:** fan 'hûs'). Brûk it folgjende stappeplan om sjen te litten hoe'tst 'mûs' skriuwst:

1. Wat is it Nederlânske wurd? (**muis**)
2. Hat it Nederlânske wurd in **oe**? (**nee**)

3a. Is it antwurd yn stap 2 "ja", dan skriuwst it Fryske wurd mei in 'oe'.

3b. Is it antwurd yn stap 2 "nee", dan skriuwst it Fryske wurd mei 'û'. (**dus: mûs**)

Sprek no it wurd 'hûn' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'hûn' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Sprek no it wurd 'boek' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'boek' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Jou my mar in lekkere **koek**.
(skriuw op: koek)
2. De wask is noch lang net **drûch**.
(skriuw op: drûch)
3. Fenna Brecht fynt **dûnsjen** it moaiste wat der is.
(skriuw op: dûnsjen)
4. Dyn **broek** is hielendal stikken.
(skriuw op: broek)
5. Jan sit takom jier yn in oare **groep**.
(skriuw op: groep)

Opdracht 1:

Lês it gedicht foar of lit it audiofragmint hearre dat op de webside stiet. Lit it fragmint twa kear hearre. Sis tsjin de learlingen dat se de earste kear noch neat opskriuwe, mar allinnich harkje nei it fragmint. Lit it fragmint in twadde kear hearre. De learlingen skriuwe de antwurden op yn de kolommen.

Nederlânske wurd	Fryske wurd goed stavere
hondje	hûntsje
rondje	rûntsje
woef	woef

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje seis wurden mei in 'oe' of in 'û'. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. hûs
2. ûle
3. skoech
4. poep
5. mûs
6. hûn

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen lêze de tekst. Dat kin klassikaal, mar it kin ek yn twatallen of selsstannich. In audiobestân fan de tekst is te finen op de webside. De learlingen sykje de goede Fryske oersetting by de Nederlânske wurden dy't se al krigen ha. Tink derom: de Nederlânske wurden yn de tabel steane net yn gronologyske folchoarder. De learlingen moatte dus goed sjen hokker wurd wêrby heart.

► Antwurden

	Nederlânsk	Frysk
4	bijzondere	bysûndere
1	route	rûte
2	ontdekkingen	ûntdekkingen
3	ervaring	ûnderfining

HANDLEIDING



bij staveringsline
WURKBOEK 1

Algemene handleiding en verantwoording

Visie

Het aanleren van spellingsregels is niet een doel op zich. Goed kunnen spellen is één van de vaardigheden die kunnen helpen bij het schrijven van (goede) teksten. De spellingsregels kennen, staat niet gelijk aan het kunnen schrijven van een goede tekst. Het uiteindelijke doel is om kwalitatief goede Friese teksten te kunnen schrijven. Daarom is er gekozen voor een boekje met aan de ene kant Skriuwlessen (het doel) en aan de andere kant Staveringslessen (de theorie, de vaardigheid).

Opbouw

De schrijfflessen zijn opgebouwd volgens een stappenplan. Dit stappenplan geeft houvast om tot het uiteindelijke product te komen. Stap één bestaat uit het verzamelen en opschrijven van de gedachten. In stap twee wordt een keuze gemaakt uit alles wat opgeschreven is bij de eerste stap en in de derde stap wordt het uiteindelijke product gemaakt. De spellingslessen zijn ook volgens een vast stramien opgebouwd. De les begint met een doel en het aanbieden van de regels die van toepassing zijn. Daarna geeft de leerkracht een introductie. In de introductie wordt aan de hand van voorbeeldwoorden en zinnen toegewerkt naar het schrijven van een kapstokwoord: een woord dat de regel representeert. Het kapstokwoord helpt de leerling de regel beter te onthouden en toe te passen.

De introductie is opgebouwd volgens het vijf-stappenplan:

1. Ik luister naar het woord en zeg het woord na.
2. Ik deel het woord op in klanken of lettergrepen.
3. Hoor ik iets bijzonders? Welke afspraak hoort daarbij?
4. Ik schrijf het woord.
5. Ik controleer het woord. Heb ik het goed geschreven?

